

Heech tiid foar nij Kollumer Opskuor

Het is een jaarlijks ritueel: het pontificaal uit de sloot takelen van de Friese achterstandskoe. Haar geloei begint mij op de zenuwen te werken. Vorige week was het weer raak. Het havo en vwo blijven achter in Friesland en dus moet de lat omhoog bij het noordelijk voortgezet onderwijs (LC 20 en 21 maart). Dan hadden we affaires rond de promotiefilmpjes op de NHL en de taalachterstand op het Lauwers College in Kollum, die beide te maken hebben met de positie van de Friese taal en dus volgens sommigen ook met achterstand.

Volgens de onderwijsinspectie scoren de Friese scholen voor voortgezet onderwijs op alle fronten lager dan het landelijk gemiddelde. Het zal waar zijn, maar merkwaardig is dat niemand zich afvraagt hoe erg dat is, want volgens de waan van de dag moeten we streven naar een kenniseconomie. Voor je het weet streven de Chinezen ons op alle fronten voorbij. Je vraagt je af waar al die hoger opgeleiden in vredesnaam een baan moeten vinden. Met nog meer hoger opgeleiden hebben we straks nog meer Polen nodig om het echte werk te doen. Het lijkt mij dus een felicitatie waard dat er in Friesland meer jongeren dan elders een praktische opleiding volgen. Maar dat is de Dorknopers van de onderwijsinspectie niet aan het verstand te brengen. Die worden erop uitgestuurd met hun checklijsten en rekenmachientjes om uit te rekenen of leerlingen aan de gemiddelden beantwoorden.

Wel vraag je je af waarom alle inspanningen van basisscholen rond groepsplannen, leerlijnen en handelingsplannen na al die jaren niet meer opleveren. Of zou het misschien beter zijn om minder tijd te besteden aan die

bureaucratische rompslomp?

En dan nochris wat oars. Nefens de Hegeskoalle NHL meie harren studinten yn de promoasjefilmkes gjin Frysk aksint hawwe. No witte wy allegearre dat promoasje ien fan de kearn-taken fan sokke skoallen is. Sometiden noch mear as de soarch foar it oanluken fan kapabele dosinten en in foldwaand tal lesoeren, ik bedoel kontaktoeren.

Neffens de foarljochter is „een Friese tongval best mogelijk, maar het accent mag niet zo zwaar zijn dat het onverstaanbaar wordt”. It Frysk dus as spraakgebrek. Yn Kollum op it Lauwers College hawwe se dêr ek nijsgjirrige opfettings oer. Nefens in pear leararen – se wienen foar Omrop Fryslân tillevyzje en je soenen krityske fragen ferwachtsje - blykt dat op de vmbo-ôfdieling de measte bern in grutte taalefterstân hawwe. Dat liket my normaal, mar mei de hite azem fan de ‘referentieniveaus Nederlandse Taal’ yn ‘e nekke wolte se dêr wat oan dwaan. Sa slacht de Sovjetisering fan ús ûnderwiis wat langer wat mear ta. De folgjende stap wurdt dat hja âlden ferbiede Frysk tsjin harren bern te praten.

Troch omstannichheden siet ik yn 1950 yn de earste klasse yn Schiedam op skoalle. Juf frege by in plaatsje fan in seine wat dat wie. Ik wie de ienige dy’ t it wist: „It is in seine, juf, en dêr kinst mei meane.” Gelokkich wie der doe noch net in batterij toetsen en saakkundigen, want dan hiene hja grif konstearre dat ik in efterstânsbern wie, foar it libben tekene. Kollum, nim it net. Kom yn opstân tsjin de taalplysje. Praat mar Frysk! Dy Sinezen komme wier net yn Kollum.

PIER BERGSMA
INWONER VAN HURDEGARYP